

Les 1

Begjinsituasje

De kursisten stelle har foar. As der in protte binne, sette se in kaartsje mei foar- en efternamme op 'e tafel. Se fertelle wat oer harsels en jouwe har motivaasje en motivearring oan om Afûk-lesjouwer te wurden. Fan spesifike kwaliteiten fan kursisten kin mooglik letter gebrûk makke wurde yn de kommende teory- en praktyklessen. De lesjouwer fertelt wat fan syn eftergrûn en motivaasje.

Organisaasje fan teory- en praktyklessen

De datum foar de folgjende gearkomste (les) wurdt fêstlein. Dy kin yn it Afûk-gebou wêze, mar ek wikseljend by de kursisten thús as dat better útkomt mei it reizgjen. By swierrichheden op it mêd fan kommen (bgl. sykte), de teory en de praktyk is de lesjouwer te berikken op 0512-518927 (Gerben Sondermanstrjitte 29, 9203 PT DRACHTEN). E-post: sthiemstra@excite.com en ffupost@hotmail.com. De *Kursus Frysk Skriuwen* (8 lessen as eftergrûnmateriaal) is (ek) te finen op www.fryskebeweging.nl, trochklikke nei it webstek fan de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) → Publikaasjes → Kursussen.

De Afûk (bgl. de kursusadministraasje) siket sa gau mooglik in staaazje-adres. Dat wurdt yn 'e regel earst in A-kursus, net sa fier út 'e reek. By útsûndering kin it earst ek in NF-kursus wêze. By swierrichheden mei ferfier kin de kursist syn/har foarkar foar it plak bekend meitsje. As staaazjebegelieder of -begeliedster (tenei: begelieder) wurdt by foarkar in lesjouwer frege dy't aardich wat ûnderfining en nocht oan it begelieden fan oankommende lesjouwers hat. De kursist foar it didaktysk foech wurdt dêrfan op 'e hichte steld en dy siket sa gau mooglik telefoanysk kontakt om te fernimmen wannear't er/sy wolkom is. Wat earder oft men 'praktyk' opdwaan kin, wat it better oft it is.

De earste praktykles sil it ornaris bliuwe by it 'ôfsjen' fan de keunst (observearjen en imitaasje). As helpmiddel kin de kursist de list omtinkpunten helje út 'rjochtlinen foar de lesútfiering' (sjoch dizze map), ek al sille alle fragen fan dy list him/har daliks noch net like dúdlik wêze. Dat kin fansels ek net. Hy/sy (tenei: hy) kin dan oan de hân fan in eigen, beheinde seleksje fan fragen besykje om de hokjes 'ja' en 'nee' yn te foljen. Dy kin er letter as útgongspunt nimme as er nei ôfrin de praktykles mei de lesjouwer trochnimt of bepraat (hifket, evaluearret).

De kursist makket foar eltse praktykles in lesskema (matriks; it formulier dat yn de kursusmap sit, moat 'skjinholden' wurde en moat de kursist sels kopiearje). Hy evaluearret dat skema en de eigen les nei ôfrin fan de praktykles, leafst daliks (dan is alles noch farsk), mei de staaazjebegelieder oan de hân fan fragelisten. Fiif fan de bêste matriksen (bgl. 2 út staaazje-A en 3 út staaazje-NF) wurde opnommen yn in map (de s.n. eksamenmap of it eksamendossier), dy't meigiet nei it teory-eksamen yn juny, dat 30 min. duorret. Yn dy map komme ek de eigen skôgings fan ûnderwiislearmiddels en de ynliedings en úttreksels foar de teory (sjoch de mappen fan eardere kursisten foar de foarm en ynhâld).

Yn de kursusmap sitte ek beoardielings- en evaluaasjeformulieren foar de staaazjebegelieder. De kursist hâldt dy skjin en kopiearret se foar de staaazjebegelieder, dy't dêr syn opmerkings op kwyt kin. It sifer fan praktyk-eksamen, diel I (leargong A) en diel II (leargong NF) wurdt dêr ek op oanjûn.

Nei de staaazje op de A-kursus folget ornaris ien op de kursus foar NF-I of II. It is dan jannewaris. De gong fan saken is deselde as dy by de A-kursus.

De teorylessen duorje almeast 3 oeren de jûn/middei (totaal ± 30 oeren, ornaris fan ± 19.00 - ± 22.00 oere) en wurde it leafst jûn op tiden dat der gjin praktyklessen binne. De teoryjûnen/-middeis wurde yn oerlis útsocht en fêststeld, almeast om de fjirtsjin dagen of trije wike. Der kin, as dêr reden ta is, fan ôfwykt wurde, as it tal teory-oeren (kontaktoeren) mar op ± 30 bliuwt.

De kursist sil yn 'e regel sa'n kear as seis staaazjerinne op in A-kursus. It sels lesjaan nimt dêrby hieltiten ta, likegoed yn de tiid as wat de swierrichheidsgraad fan ûnderwerpen oanbelanget, oant in kursist by steat is om sa likernôch fiif kertier oant oardel oere 'ferantwurde' in les te jaan.

Nei de fjirde of fyfde les freget de staaazjebegelieder it praktykeksamen, diel I, oan by de kursusorganisaasje fan de Afûk. Der wurdt yn oerlis mei de staaazjebegelieder in eksamendatum socht en der wurdt soarge foar in eksaminator (almeast immen út de rûnte fan de begeliedingsgroep, in 'kritebegelieder', of in lid fan de eksamenkommisje). Op dy einles wurdt op syn minst *fiif kertier* lesjûn, mar it kin ek de *hieles* wêze. De lesstof wurdt safolle mooglik ôfstimd op it rinnende programma, mar de eksamenkandidaat kin yn oerlis mei de staaazjebegelieder sels ek in 'eigen' ynbring (kreativiteit) hawwe. Der moat ferskaat yn de les sitte; leafst sa'n

trije ferskillende ûnderdielen. Leaver gjin diktee as ien fan ûnderdielen (en oars hiel koart).

Begelieder en eksaminator stelle tegearre it (ein)sifer) fêst. De eksaminator jout in sifer op de eksamenles (eventueel nei rieplachtsjen fan de begelieder) en de begelieder jout in sifer op de hiele staaasje. Dêrby telt it sifer fan de eksaminator foar de eksamenles foar 60% mei yn it einsifer en it sifer fan de staazjebegelieder foar de staaasje foar 40%. De beide sifers foar staaasje en praktykeksamen moatte trochinoar $\geq 5,5$ wêze. Foarbyld: as de kandidaat in 6 foar it praktykeksamen hellet en in 5 foar de staaasje, dan wurdt it einsifer $5,6 (6 \times 60 + 5 \times 40 : 100$ of $6 \times 6 + 5 \times 4 : 10$ of $0,6 \times 6 + 0,4 \times 5)$ en dat is foldwaande. As de kandidaat krektoarsom in 5 foar it eksamen hellet en in 6 foar de staaasje, dan wurdt it einsifer $5,4 (5 \times 60 + 6 \times 40 : 100 / 0,6 \times 5 + 0,4 \times 6)$ en dat is nê't foldwaande. De beide einsifers op praktykeksamen/staaasje I (ornaris Leargong A) en II (ornaris in Leargong NF-I of II) moatte trochinoar $\geq 5,5$ wêze. As de einsifers foar praktykeksamen/staaasje I en II beide ûnfoldwaande wêze soene, dan bringt de eksamenkommisje in binend advys út oer it al of net trochgean en oer wat der dien wurde moat by in trochgean.

As it teory-eksamen $< 5,5$ is, dus ûnfoldwaande, dan koe it altiten oerdien wurde (bygelyks by de wereksamens yn septimber). De mooglikheid om yn septimber wereksamens te dwaan is sûnt in pear jier *ferfallen* (benammen troch besunigings), mar de lesjouwer foar de teory sil de Afûk dan fersykje om in útsûndering te meitsjen as dat winsklik is. Uteinlik moat it foldwaande wêze ($\geq 5,5$), foardat it Afûk-lesjouwersfoech útrikt wurde kin.

Underwiislearmiddels foar de teory en de praktyk

Foar de teory wurde brûkt: *Lesjaan* (Hiemstra); *Lesgeven* (Geerligs & Van der Veen; haadstikken 2, (3), 5, 6, 7, 8, 9 en 10), *Bydragen didaktyk Frysk* (Breuker e.o., benammen haadstik 4 en 5), de brosjure *Ynformaasje foar lesjouwers*, it Afûk-learplan, in stikmannich artikels oar taalsoarch, taalnoarm en de skiednis fan de Afûk (sjoch de ynhâld fan de kursusmap) en partsjes út de *Kursus Frysk skriuwen* (ek te finen op it ynternet; sjoch boppe). Haadstikken, artikels, ensfh. wurde besprutsen, thús úttreksels fan makke of foardrachten oer holden op de teoryles. Dy eigen bydragen fan de kursist wurde opnommen yn it eksamenmapke/ -dossier en safolle mooglik kopiearre foar de oare didaktykkursisten.

In hospitant kriget de learmiddels foar de kursus dêr't er hospitearret, *fergees* (ôf te heljen yn de winkel fan de Afûk). Hospitearret in kursist by in kursis NF-I, dan hat er gjin rjocht op de boeken foar kursus NF-II. Oarsom jildt itselde. Learmiddels foar in kursus of learmiddels dy't men sels as oanfolling brûke wol, moatte fansels wol op eigen kosten oantúgd of liend wurde.

De kursist makket minimaal 7 skôgings oer it brûkte of foar/op 'e les brûkber lesmateriaal (sa'n 5 lêsen- en learboeken A en NF I/II, 1 *geakunde* út de streek/krite fan de kursist (eftergrûnmateriaal), 1 *audio-* en/of *fisueel* helpmiddel, bgl. in lûdbantsje, cd, in fideobân, in diarige of materiaal fan it ynternet (bgl. *eduFrysk* fan de Afûk en/of www.digischool.nl/fry/). Foar leargong-A moat bygelyks tocht wurde oan it *A-boek* (+ hantlieding), *Tiidwurden*, *De Stipe*, *Stavering*, *Ut 'e bân*. Foar NF benammen oan *Wolkom* (+ hantlieding; lûdbantsje of cd), *Praat mar ta!* (+ hantlieding), *Bekjegau*, de *Yntinsive kursus Frysk ferstean, lêzen en praten* (+ hantlieding en cd of lûdbantsje) en *Tiidwurden*. Mar der kinne ek noch oare learmiddels en materialen brûkt wurde.

Yn it eksamenmapke/-dossier komme dus op syn minst 5 matriksen fan eigen praktyklessen, op syn minst 7 skôgings fan ûnderwiislearmateriaal en in koarte (skriftlike) werjefte fan de haadstikken of artikels dy't men presintearre hat op de teoryles of dy't men by foarkar oan 'e oarder hawwe wol op it teory-eksamen. Dat mei ek in bydrage wêze fan in oare kursist.

It eksamenmapke moat uterlik *trije wike foar* it teory-eksamen, dat heal juny ôfnommen wurdt (sjoch foar de kreative datum 'Ynformaasje foar lesjouwers', hdst. IX ûnder *Eksamens*), yn twafâld op 'e Afûk wêze, wolle de beide eksaminators it goed bestudearje kinne. De oplieder foar it didaktysk foech kriget in tredde eksimplaar. Dy kin dêr oare jierren wer nije kursisten mei gerive, om kennis te nimmen fan foarm en ynhâld. Ut soarte hâldt de kursist sels ek in eksimplaar. Mei-inoar dus fjouwer mapkes/dossiers.

Húswurk foar les 2

Foar les 2 wurde bestudearre:

1. *Lesjaan*, s. 1 o/m 28 (hdst. 1 en 2). It boek is yndertiid (1979-1983) spesjaal gearstald foar de oplieding foar it didaktysk foech. Op 'e les rinne wy dy haadstikken efkes troch. Somtiden kin der wat oerslein wurde of binne saken yn 'e rin fan de tiid feroare. Besykje om oantekens te meitsjen of om josels fragen te stellen.

2. *Lesgeven*, haadstik 2, dat ek de titel draacht fan ‘Lesgeven’, benammen de siden 16 o/m 37. It boek wurdt ek brûkt op learare-opliedings en jout in *algemien* ûnderwiiskundich ramt foar ûnderskate fakgebieten. It kin dus ek foar Frysk brûkt wurde. It boek moat wol hieltiten yn ferbân mei it lesjaan op Afûk-kursussen brocht wurde. Dy ‘fertaalslach’ sil op de didaktykkursus syn beslach krije moatte.

Ien fan de kursisten fertelt ús de kommende kears (les) wat oer haadstik 2. De lesjouwer behannelet de haadsaken.

Besykje om in antwurd jaan te kinnen op de folgjende fragen:

- Is it lesjaan fan in Afûk-lesjouwer in *keunst* of in *kunde*? (par 2.1.)
- Wat binne de 7 wichtichste aspekten (*komponinten*) fan ûnderwiislearsituaasjes? (par 2.3.)
- Wat binne de 10 wichtichste *kaaifragen* foar it lesjaan? (par 2.3.)
- Hoe soe yn de Afûk-situaasjes de *praktykskok* der útsjen kinne? (par 2.3.)

Wy meitsje ôfspraken oer it hâlden fan in koart referaat troch de kursisten oer haadstik 5 (‘Beginsituatie’) en haadstik 6 (‘Doelen en leerstof’). Dy komme nei les 2 oan de oarder.

3. De brosjure *Ynformaasje foar lesjouwers* wurdt thús globaal trochnommen en kin op ’e les oanlieding jaan ta fragen. Benammen it *eksamenreglemint* kin letter op it teory-eksamen op it aljemint komme.

4. Ut de *Kursus Frysk skriuwen* wurdt *Les 1* globaal trochnommen om wat mear taalkundige en idiomatyske ynformaasje op te dwaan as dat men earder faaks wol hân hat. Dy kin fan pas komme by de tarieding fan lessen, it besprekken of útlizzen fan taalswierrichheden en by taal- of taalnoarmfragen. De ynhâld kin op ’e teoryles oan ’e oarder komme as dêr ferlet fan is. Op it teory-eksamen wurdt nèt oer de *taal* ynhâld frege. De kursus Frysk skriuwen is tagelyk ek in model fan in kursusprogramma dêr’t hast alles yn ‘groepkes’ dien wurde *kin* (‘gearwurkjend learen’) en dêr’t net of amper frontaal, klassikaal yn lesjûn wurde *hoecht* (de dosint is dan mear ‘begelieder’ as ‘ynlieder’, al bliuwt dat lêste altiten tige fan belang as it om *ûnderwiis* giet). Yn *Les 1* fan de skriuwkursus giet it benammen om de *taalregels* en it *taaleigen* fan par. 1.3.: ‘meartalsfoarming’ en ‘griemank’.

Boarnen: wurdboeken

In lesjouwer kin nea allinnich ta mei de kursusboeken (mei de hantlieding) dy’t op Afûk-kursussen brûkt wurde. Wat mear eftergrûnliteratuer oft er (sels) hat, wat better oft it is foar de lestarieding. Wichtige boarnen binne út soarte de wurdboeken. Yn dizze les jouwe wy dêr wat ynformaasje oer.

Yn de skiednis fan ’e leksikografy fan it Nijfrysk is in reade line oan te wizen, dy’t begjint by Joast Hiddes Halbertsma en dy’t trochrint oant en mei de nijste projekten fan ’e Fryske Akademy. Halbertsma syn *Lexicon Frisicum* (1872) dat klear wie oant en mei *Feer*, hat tegearre mei syn oan ’e provinsje Fryslân neilitten hânskriften, de basis west foar it *Friesch Woordenboek* (1900-1911) fan Waling Dijkstra e.o. Yndirekt hat de krityk op dat lêste wurdboek laat ta it oprjochtsjen fan ’e Fryske Akademy, dat it sintrum fan de Nijfryske leksikografy wurde soe. De wichtichste taak fan de Fryske Akademy waard it gearstallen fan it wittenskiplike *Wurdboek fan de Fryske Taal* (WFT, 1984- ...), dêr’t de measte dielen al fan ferskynd binne (yn 2008 kaam diel 23 ree) en dat noch in pear jier te gean hat (it sil sa’n 25 dielen beslaan). Yn dat WFT wurdt wer it materiaal út it *Lexicon Frisicum* en it *Friesch Woordenboek* ferwurke. Om it WFT hinne is en wurdt wurke oan in rige, almeast twatalige, hânwurdboeken. Foar de rinnende wurdboekprojekten wurdt û.o. gebrûk makke fan it automatisearre boarnebestân fan ’e Taaldatabank

In goede ynlieding oer de leksikografy fan it Nijfrysk is skreaun troch Anne Dykstra fan de Fryske Akademy. It is te finen yn Anne Dykstra en Rolf H. Bremmer Jr (red.), *In skiednis fan ’e Fryske taalkunde* (Ljouwert: Fryske Akademy, 1999, ISBN 90-6171-890-2, 372 siden, s. 191-212). Yn it literaturoersjoch by dat haadstik binne de meast relevante leksikografyske boarnen wol te finen.

Fierders is yn 2001 in grut hânboek oer alle Frysk (dus ynklusyf it Noard- en Eastfrysk) útkommen: Horst Haider Munske (red.) e.o., *Handbuch des Friesischen/Handbook of Frisian Studies*. Tübingen: Max Niemeyer Verlag, 2001, ISBN 3-484-73048-X, 845 siden. Dat wichtige, frij djoere hânboek (mear as €150), dêr’t in protte saakkundigen út alle Fryslannen oan meiwurke hawwe, jout in ûnbidich soad feiten en ynsjoggen yn it Ingelsk of Dútsk oer de taalsituaasje by ús en yn de Fryske gebieten yn Dútslân. Anne Dykstra hat haadstik 19 skreaun oer ‘Lexicography of Modern West Frisian’ s. 148-155.

Wy hawwe de bibliografyske list(en) oanfolle mei in stikmannich (oare) útjeften fan de lêste pear jier dy't foar in lesjouwer Frysk tige de muoite wurdich binne e as boarne brûkt wurde kinne:

- Cox, H.L. et al. (red.), *Van Dale Spreekwoordenboek: Nederlands, Fries, Afrikaans, Engels, Duits, Frans, Spaans, Latijn*. Utrecht/Antwerpen: Van Dale Lexicografie, 2000; tredde printinge. ISBN: 90-6648-316-4, ynbûn 998 siden.

Utgongspunt fan dit sprekwurdeboek is de Nederlânsk sprekwurdeskat, dêr't de wjergaders út oare talen oan tafoege binne. Men sil dus om 'e nocht sykje om sprekwurden dy't *allinnich* yn it Ingelsk, Spaansk of Frysk foarkommen. It boek hat 1600 artikels of yngongen. Elts artikel jout in Nederlânsk sprekwurde, al of net mei farianten, en de betsjutting dêrfan. Dêrnei is it eventuele kommentaar oan bar, folge troch in opsomming fan de frjemdtalige wjergaders. De 1600 artikels bin oer santsjin haadtema's ferdield, lykas *de minske, it libben, it waarnimmen, de tiid, it boppenatuerlike*, en dy binne wer útsplitst yn subtema's. De sprekwurden kin men net allinnich op tema sykje, mar ek op stek-/trefwurde. Efteryn it boek steane twa registers: in register fan Nederlânske sprekwurden, alfabetysk oardere neffens (fet printe) stekwurden, en in register fan stekwurden út de frjemdtalige (ynklusyf de Fryske) sprekwurden.

- Dykstra, A., *Frysk-Ingelsk wurdboek/ Frisian-English Dictionary, with a corresponding English-Frisian word list*. Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk, 2000.

In wichtich wurdboek ornearre foar bûtenlânske taalkundigen dy't it Frysk bestudearje, mar ek foar Fryske lânferhuzers en har neiteam. It boek jout fan goed 37.000 stekwurden, de measte mei foarbylden derby, oersettings yn it Britsk- en yn it Amerikaansk-Ingelsk. Foar de net-Frysktalige brûker is der in Ingelsktalige gebrûksoanwizing en in beheinde grammatika fan it Frysk tafoege. Boppedat wurdt de net-Fryske brûker skewield mei in wiidweidige Ingelsk-Fryske wurdlist. Fia dy list kin de net-Frysktalige brûker in ein makliker it paad yn it eigentlike wurdboek fine.

- Duyff P., *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries, met een index Fries-Nederlands*. Groningen: Martinus Nijhoff; Ljouwert/Leeuwarden: Fryske Akademy, 2000.

Omdat it Frysk ieuwenlang gjin of in marzjinale rol yn it bestjoerlike en juridyske ferkear spile hat, miste de taal in goed ûntwikkele, modern formeel jargon. Dêr is mei dizze wichtige publikaasje (in novum) in ein oan kommen. Lesjouwers fan 'e Afûk sille (ek) in protte hawwe kinne oan dit rike wurdboek.

- Eisma, D., *It is mei sizzen net te dwaan* (I; s.j., [2000; tema's: âlderdom en dea, ambachten en beroppen, godstsjinst, klean, lichemsdielen, siik en sún en it waar]); *Dat kin de brune net lûke* [II; 2001; tema's: beammen, fruchten en griente, dieren, fûgels, getallen, jild, kleuren, misdied en straf, plaknammen, skipfeart en fiskerij en tiid]; *In lyk man is in ryk man* [III; 2002; tema: jild]. Ljouwert: Utjouwerij Fryslân. Trije boekjes mei sprekwurden, siswizen en útdrukkings.

- Haan, R. de, *Terminology fan 'e saakfakken*. Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy, 2000.

It boek fan 274 siden befettet in oanset ta de *terminology* fan fakken yn it fuortset ûnderwiis, lykas biology, ekonomy, geografy, skiednis, ynformatika, natuerkunde, skiekunde, fersoarging en wiskunde.

Duyff en oaren wurkje al in jiermannich oan in Frysk-Frysk (ferklearjend) wurdboek, in soarte fan Fryske *Van Dale*, dat yn 2008 útkomt. Der is oant no ta mar ien (beheind) Frysk ferklearjend wurdboekje, dêr't it stekwurde yn it *Frysk* omskreaun wurdt (it is dus gjin oersetwurdeboekje), en dat is it *Frysk Basiswurdeboek foar skoalle en thús* fan Geart Vledder, Tetty de Jager-de Boer e.o., Ljouwert: Afûk, 1998, mei yllustraasjes. It befettet 9000 wurden op alfabet, gemeente- en plaknammen, tiidwurden, sprekwurden en siswizen, stavering ensfh.

- Jousma, C., *Frysk foar jo kompjûter Thús op jo kompjûter*. In samling Fryske kompjûterbegripen (Frysk-Ingelsk-Nederlânsk). Ferskate wurden binne nijfoarmings. Sykje op it ynternet ris ûnder: www.fryskebeweging.nl, oanklikke *FFU* en dan nei 'Publikaasjes' (wurdlisten).

- Oosterhaven, B., *Nije list fan frjemde wurden*. Ljouwert: Fryske Akademy, 2000 (twadde printinge!). In ûnmisber boekje foar Afûk-lesjouwers.

- It yn 2007 ferskynde wurdboekje fan J. Spoelstra, J. Post, A. Hut en M. Hofman, *Prisma Woordenboek* (Fries-Nederlands/Nederlands-Fries). Utrecht: Het Spectrum B.V., 584 siden) is minder gaadlik foar Afûk-kursussen. It biedt te min en wykt ôf fan de Afûk-noarm foar kursussen en lesmateriaal. It wurdt lykwols brûkt by kursussen foar net-Frysktaligen.